



Dit is de dei...

Sara en Simon folgje Jezus

troch Foekje-Fleur Fink

Sara en Simon belibje – mei harren grutte broer Daniël, heit en mem, pake en oare famylje – de ferhalen fan ‘Dit is de dei...’. Se folgje Jezus op syn reizen troch Palestina en op de besiten dy’t Er ôfleit. Soms binne Sara en Simon derby as Jezus minsken better makket. Of se hearre fan oaren oer Jezus.

Sara en Simon binne op deselde dei berne, in twilling dus. Sara is de âldste en tige nijsgjirrich. Simon is de jongste, mar wol de grutste. Sara fynt Simon eins mar in wiisprater, want dy hat op alle fragen wol in antwurd. Simon fielt himsels, as Daniël net thús is, de grutte broer en neamt Sara ‘myn suske’. Dat makket Sara poer. “Mar ik bin lekker de âldste fan ús beiden!” ropt se dan.

De synagoge yn Nazaret

Lukas 4,14-30

“Jezus komt yn Nazaret!”, rôp Daniël bliid.

“Fan wa hasto dat heard?”, fregen Sara en Simon.

“Ik wie juster noch yn Nazaret. Dêr hearde ik it fan Jezus syn heit.”

Simon wie altyd bliid as Daniël wer thús wie. Syn grutte broer hie altyd wol wat te fertellen. Hy reizge as keapman troch Palestina om kamielen te keapjen en wer te ferkeapjen.

Heit kaam der ek by stean en frege: “Wannear komt Jezus yn Nazaret?”

“Dizze sabbat al!”, antwurde Daniël, “en ik gean derhinne.”

Simon seach fan heit nei syn grutte broer. Se wiene hást like grut. Simon syn eagen glommen doe’t er frege: “Mei ik mei dy nei Nazaret, Daniël?”

Daniël seach heit oan en sei: “It mei fan my!”

De oare moarns betiid giene Simon en Daniël tegearre op wei nei Nazaret.

De sinne wie al hast ûnder doe’t Simon en Daniël by de synagoge oankamen.

“Kom gau mei,” sei Daniël, “it sil wol drok wêze.”

Daniël pakte Simon by de hân en luts him mei de synagoge yn. Foaroan wie noch in plakje. Dêr koene se alles goed sjen.

“Sjoch,” sei Daniël, “de heit fan Jezus is der ek!”

“Soe hy it moai fine dat Jezus hjir is?”, frege Simon.

“Rekkenje mar!”, sei Daniël, “doe’t Jezus hjir noch yn Nazaret wenne, hat er yn ’e synagoge leard om de boekrol te lêzen.”

Nei’t elkenien in plakje fûn hie, kaam Jezus oerein. De minsken seagen allegearre nei Him. Wat soe Jezus sizze wolle?

Hy pakte de boekrol en rôle dy iepen... It waard stil!

Jezus lies:

Ik bring jim goed nijs!
God hat my stoerd.
Ik kom foar de earmen,
foar de blinen sil Ik it ljocht wêze
en wa’t bang is, jou ik leafde.

Hy rôle de boekrol wer op en gie sitten.

It bleau mûsstil..., want de minsken ferwachten mear fan Him. Dêrom gie Jezus opnij stean en sei: “It is safier! Wat ik jim foarlêzen ha, sil no barre.”

De minsken seagen inoar oan. Begriepen se Him wol goed?

De man dy’t njonken Daniël en Simon siet, sei: “Is dat net de soan fan Joazef en Maria?” Daniël knikte.

De man prate troch en sei: “Joazef wie oars mar in gewoane timmerman, mear net!” Simon skrok. Hy skode wat tichter tsjin Daniël oan.

Miskien koene se mar better fuortgean. Anst soe dy man noch mear oan Daniël freegje.

De minsken begûnen allegearre trochinoar hinne te praten...

Ien sei: “Hoe doart Er! Hy praat oer leafde, wylst Er mei ferkearde minsken omgiet.”

In oarenien: “Hy yt sels mei harren.”

De man dy’t njonken Simon en Daniël sitten hie, sei: “Koartlyn seach ik dat Er mei in tolgarder stie te praten. Jim witte wol, dy man dy’t ús altyd te folle jild ôffreget.”

“Stjoer Him fuort!”, rôp de man njonken him.

De minsken wiene poerlik. Nimmen woe it goede nijs fan Jezus hearre.

Doe draaide Jezus him om en sei: “Gjin profeet is wolkom yn it plak dêr’t syn famylje wennet. Dus ik ek net!”

Daniël en Simon slûpten tusken de minsken troch, de synagoge út. Sûnder wat te sizzen rûnen se nei bûten ta. Se skammen har foar de minsken yn Nazaret.